

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2018 FAN IT

Argeologysk Wurkferbân

DOELSTELLING: Doel is om amateur-argeologen yn it Argeologysk Wurkferbân ûnder te bringen.

Hja kinne dan lêzingen bywenje en meidwaan oan ekskurzjes. Oansprekkend is fierders dat hja, troch mei te dwaan oan opgravingen fan foechhawwende ynstânsjes, praktykerfaring opdogge.

BESTJOER

Foarsitter	G. Schotanus
Skriuwer	J. Tiemersma
Leden	J.P. de Groot, K. Jager en H. de Jong
Binne der yn 2018 bestjoersleden ôfgien?	Ja.
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	G. Schotanus wie ôftredend, mar se is werbeneamd.
Binne der yn 2018 nije bestjoersleden beneamd?	
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	Nee.
Wiene der op 31 desimber 2018 fakatueren yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee.

LEDEN

Tal leden op 1 jannewaris 2018	104
Tal leden op 31 desimber 2018	100
Talittingsbetingsten	Wa't stiper is fan de Fryske Akademy, kin meidwaan oan de aktiviteiten fan de wurkferbannen.

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	15 febrewaris 2018
Sprekker	A.Bult en W. Stellingwerf	
Titel fan de lêzingen	'Skerven fan 'e Skar, in bysûndere bewenninsskiednis op 'e Skar yn it Heidenskip'	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	20	
Gearfetting: De ynliders hawwe belutsen west by it feilichstellen fan fynsten dy't dien binne op it terrein fan 'De Wolvetinte', in pleats oan de Fluessen ûnder It Heidenskip dy't ek in rol spilet yn 'De oerpolder' fan Hylke Speerstra. Omdat it terrein yn it ramt fan natuerbelied ôfgroeven waard, ûnstie de mooglikheid om ûndersyk te dwaan. It gie hjirby foaral om ierdewurk út de 18e en 19e iuw, in perioade dy't yn de argeology net folle omtinken krijt. De fynsten sille mei de tiid útstald wurde yn de nije 'Wolvetinte', in pleats dy't de âlde ferfongen hat op in hiem dat fierder fan it wetter ôf leit.		
Datum	2.	26 april 2018
Sprekker	G. en G. Hofstra	
Titel fan de lêzing	Fryske muntslach	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	10	
Gearfetting: Omdat de wolfeart al betiid Fryslân berikte troch benammen de hannelskontakten, ûntstie al yn de Romeinske tiid ferlet fan jild om de ruilhannel te		

ferfangen. Dêrta waard oant 400 jier nei Kristus ta gebrûk makke fan Romeinsk muntjild. Doe't de Romeinen fuort wiene gie men yn dizze kontreien oer op it slaan fan imitaasjemunten, dy't faak fan minne kwaliteit wiene.

Sa om 800 hinne waarden de Franken de baas, dus waarden yn stee fan Romeinske munten de Frankyske neimakke, lykas dy fan Lodewijk de Vrome. Tagelyk luts de hannel mei Ingelân oan. Omdat dêr mei sceatta's betelle waard, waarden dy ek imiteard, tagelyk mei Dútsk muntjild lykas dat fan de Saksen en Billungers.

Fan 1000 oant 1600 stie Fryslân ûnder Dútsk gesach, earst ûnder de greven fan Brunswyk, letter opfolge troch de biskoppen fan Utert en greven fan Hollân en Henegouwen, de hertoch fan Beieren, Saksen (Albrecht) en úteinlik de Habsburger keningen (Karel 5 en Philips 2). Allegear lieten se har spoaren op muntgebiet nei.

Yn dy perioade kaam de produksje fan eigen Fryske munten yn stêden lykas Ljouwert, Boalsert, Frjentsjer, Snits, Warkum en Dokkum ek op gong.

Fan likernôch 1580 ôf makke Fryslân diel út fan de Uny fan Utert en waard de muntslach regele op gewestlik nivo. Sa kaam it dat benammen yn Ljouwert (1580-1752) en Reiderskâns (1591-1594) munten slein waarden. Dizze munten krigen, al wiene der noch safolle foarskriften fan de Generaliteit, dochs in Frysk tintsje. Tusken dy Fryske munten sieten der hiel wat fan hege kwaliteit, al wiene der ek mindere perioaden.

Yn 1752 kaam de produksje fan Fryske munten defintyf ta in ein.

Datum	3.	20 septimber 2018
Sprekker		Anne ten Brink
Titel fan de lêzing		Restauraasjeprojekt yn East-Turkije
Opkomst (tal leden en oare gasten)		13
Gearfetting: As ien fan de inisjatyfnimmers fan de International Nemrud Foundation om de monuminten op de berch Nemrud yn East-Turkije te bewarjen, hold Anne ten Brink in ynliding oer dit ûnderwerp. Yn de Romeinske tiid lei yn dy kontreien it keninkryk Commagene, dat deryn slagge selsstannich te bliuwen. Kening Antiochus liet boppe op de berch Nemrud in mânsk grêfmonumint delsette om sa syn namme in fêst plak yn de annalen te jaan.		
Dit monumint, dat datearret út de earste iuw N.K., is der troch de ynfloed fan it waar, mar ek troch frekwint foarkommende ierdbevingen, slim skansearre. De Foundation krige fan de oerheid dêr tastimming om oan 'e slach te gean. Under swiere omstannichheden binne benammen de bylden ferstevige en stêles ûnderbrocht yn in gebou om se te hoedzjen foar fierder ferfal. It doel wie om leger op de berch in museum yn te rjochtsjen en de bylden fierder te konservearjen.		
Yn 2005 kaam lykwols yn Turkije de AK-partij oan 'e macht. Omdat it regear fan miening wie dat de fierdere restauraasje net oerlitten wurde mocht oan bûtenlanners, waard de tastimming ynlutsen. Dêrtroch leit it wurk sûnt dy tiid stil, ek al hat Europa hjirfoar wol 6 miljoen beskikber steld. Wat der mei dit bedrach dien is, is net dúdlik. De wurkgroep hat ek de yngong fan it grêf fan Antiochus fûn en is frege mei te helpen om dat fierder te ûndersykjen. De Foundation hat dit om begryplike redenen wegere.		
Datum	4.	29 novimber 2018
Sprekker		Wijnand Dijkstra
Titel fan de lêzing		Alde tsjerken yn Fryslân

Opkomst (tal leden en oare gasten)	17
<p>Gearfetting: De earste tsjerken waarden boud troch muontsen, fan dowestien dat út 'e Eiffel helle waard. Fanwege de kosten gie men al gau oer op bakstien, it formaat paste men oan oan de ôfmjittings fan dowestien. Der waard gebrûkmakke fan twa yngongen, ien foar de manlju oan de súdkant en dy fan de froulju oan de noardkant fanwege de sûndefal. De toer stie meastal foar de tsjerke, mar soms, lykas yn Hijum, waard er yn de tsjerke opnommen. Dy bouwize wurdt in redusearre westwurk neamd.</p> <p>Fierder fertelde de ynlieder in soad oer de ynriochting fan de Fryske tsjerken, mei in soad bylden fan pleatslike oplossingen.</p>	
Sympoasia	
Datum en lokaasje	1.
Titel	
Doelstelling	
Sprekkers en titel bydrage	
Opkomst (tal leden en oare gasten)	
Gearfetting (maksimaal ½ A4)	
Publikaasjes (ynklusyf boek-presintaasjes)	
Datum	1.
Namme tydskrift of útjouwerij	
Auteur	
Titel fan de publikaasje	
Tal siden	
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje	
Datum	2.
Namme tydskrift of útjouwerij	
Auteur	
Titel fan de publikaasje	
Tal siden	
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje	
Datum	3.
Namme tydskrift of útjouwerij	
Auteur	
Titel fan de publikaasje	
Tal siden	
Koarte omskriuwing tematyk doel publikaasje	
Ekskurzjes	
Datum	1. 31-3-2018
Reisdoel	Gebou "De Veldschuur" by Hasselt.
Gids gastsprekker	Lêzing argeolooch Fré Spijk oer NW-Oerisel.
Opkomst (tal leden en oare gasten)	15
Oare aktiviteiten	
Fytstoch Middelsee	Holden op 25 augustus. Organisearre yn'e mande mei de oare wurkferbannen ta gelegenheid fan Kulturele Haadstêd. Sa'n tritich

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

	dielnimmers hawwe dizze fytstocht makke. Sprekkers ûnderweis wiene Peter Vos (de ûntjouwing fan it Middelseegebiet), Aldert Cuperus (de striid tsjin it wetter yn It Bildt), Meinte Engelmoer (de plantkundige ûntjouwing) en Henk Dijkstra (it boerebedriuw).
Herfoarme tsjerke Driesum.	3 febrewaris: ynrjochtsjen fitrine mei argeologyske fynsten út'e tsjerke.
Herfoarme tsjerke Lollum.	17 febrewaris: Taspraak by it iepenjen fan'e restaurearde tsjerke.
Warniahúzen.	Augustus: leden wurkferbân belutsen by ûndersyk midsiuwsk hûsstee troch it GIA.
Boalsert.	Desimber: itselde by ûndersyk troch RAAP yn sintrum fan Boalsert.

FINÂNSJES

Totaal útjeften	€	
<u>Spesifikaasje útjeften:</u>		
- Bestjoerssaken	€	
- Gearkomsten	€	
- Lêzingen	€	200,-
- Sympoasia	€	
- Publikaasjes	€	
- Ekskurzjes	€	
- Oare saken	€	

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN

<p>1. 10 maart: Noardlik Argeologysk Depot yn Nuis: fjirde "Dei fan de Noard-Nederlânske Argeology". Bestjoersleden joegen útlis oer de aktiviteiten fan it wurkferbân.</p>
